

Nu óók toegang tot NRC!

Activeer je toegang >



LCLC



Dinsdag 16 september 2025

Contact

Digitale krant

Service

Voorpagina

Net binnen

Leeuwarden

Friesland

Sport

Economie

Cultuur

Opinie

Podr

Zoeken



Tryater en Joop Wittermans: sechstich jier hieltyd opnij begjinne

Hans Brans · Gisteren, 11:31 · Cultuur

Deel dit artikel



Joop Wittermans jout ynstruksjes. Foto: Lucas Kemper

Sechstich jier is sawat in libben lang. Sechstich jier lang al rint de aktearkarriêre fan Joop Wittermans parallel oan it bestean fan Tryater. Tiid foar in nostalgysk weromsjen? Of tiid om te mimerjen oer wat noch oerbliuwt?

Hoewol't Joop Wittermans nea yn fêste tsjinst west hat fan Tryater, krústen de wegen fan de beropsakteur en it beropsselskip inoar hieltyd. Fan in ôfstantsje makke er dan ek alle ûntwikkelingen derfan mei. Fan amateur nei berops. Fan in hecht selskip oant in produksjekearn dy't aktyf op syk gie nei nij talint. Fan in repertoireselskip dat yn alle hoeken en hernen fan de provinsje te sjen wie, nei spektakelproduksjes en lokaasjeater. En fan dêr ek nei in platfoarm foar satellytgroepkes, lykas de foarstelling *Heemwei*, dy't op dit stuit te sjen is yn in nije wyk yn oanbou.

Dy soms skoksgewize ûntjouwingen giene mank mei hieltyd mar wer nije besunigingsrondes. Kultuer yn Nederlân is no ienkear sjitskiif nûmer ien. Foar akteurs as Wittermans geane artistike en persoanlike ûntjouwingen dan ek faak hân yn hân mei in ûnwisse striid om it bestean. „Freegje se my wol foar in nije rol, as de resinsje in kear minder is?” freget er yn *Twa minuten foar oanfang*.

It skript is skreaun troch Wessel de Vries, de muzyk yn de foarstelling is fan Peter Sijbenga en de rezjy is yn hannen fan Sjoekje-Marije Wallendal. Njonken Wittermans spylje ûnder oaren Tamara Schoppert, Brecht Wassenaar, Cas Bouwman, Ingrid van der Meer, Wieke Overzet en Bavo Tolman mei yn it stik.

Titels en personaazjes bûtelje oer inoar hinne

In nostalgyske weromblik is it stik seker net wurden. Yn stee dêrfan keazen de makers foar in hiel oare oanpak, nammentlik in blik efter de skermen. En dan net allinnich de skermen fan it teäter, mar ek dy fan de akteur. It publyk wurdt meinaam op in reis troch de tiid yn it gebou fan Tryater en tagelyk op in reis 'yn de holle fan Joop Wittermans!'

Lykas yn *Marijke Meu* (2018) krije we in koptelefoan op en wurde dan yn lytse groepkes troch de krochten fan it gebou laat. Frjemde lûden fiere ús yn 'e holle fan Wittermans, dêr't it in behoarlike tizeboel is. As yn in dream fol plankekoarts bûtelje titels en personaazjes fan foarby foarstellingen oer inoar hinne. Foaral Willy Loman, de ôftanke hannelsreizger út Arthur Millers *Dea fan in*

hannelsreizger – troch Wittermans spile yn 1998 – wol mar net út 'e holle fan de akteur wei. Wie it lot fan Homan ek syn foarlân?



It publyk wurdt yn groepkes troch it gebou hinne laat. Foto: Lucas Kemper

Foarmfynsten

Fan de ein springe we nei de begjin. Op teebsite by syn mem wurdt de sechstjinierrige Joop útferkeazen troch Piet van der Zee, Tryater-oprjochter en de godfather fan it Fryske toaniel. Wylst wy de stim en de tinzen fan Joop hearre en fan it iene geheimsinnich plak nei it oare geane, wurde de meast útienrinnende tafrielen dreamerich mymd troch in keur fan amateurspilars. Oeral binne der moaie, lytse foarmfynsten. Sa dwale we tusken kostúms en makettes en bedarje we yn de klaaikeamers dêr't we ferfrjemd nei ússels en nei elkoar sjogge.

Net allinnich in akteur moat him ynlibje; wy, it publyk, moatte dat ek. Dus ûntkomme wy der net oan dat wy sels ek it toaniel op moatte. Tusken tsjustere kûlisen krijt elk yn in heale minút syn ynstruksjes en foardatst it witst stiest tusken echte akteurs op in echt toaniel en fleane de fragminten út *Pak 'm Stanzi*, *Abe* en oare hichtepunten dy om de earen. Godtank spylje wy foar in lege seal. Alleast, sa like it dochs wier. Mar yn it teäter is eat selden wat it liket.

Hommaazje oan teätermakers

Oan de ein fan dizze rit treffe wy yn in rommelige oefenseal dan einlings de echte Joop, dy't ús freonlik freget om út syn holle wei te gean. Ja, miskien set er der sels ek in punt achter. Alles hat in ein. Hoewol, teäter is krekt as it libben: je moatte hieltyd wer opnij doare te begjinnen.

Sa besjoen is *Twa minuten foar oanfang* mear as in ôfskiedsfoarstelling. It is in orizjinele hommaazje oan teätermakers dy't harren sels hieltyd opnij útfine moatte.

***Twa minuten foar oanfang* is noch oant en mei 19 oktober te sjen yn it Tryatergebou, Theater Sneek, Posthuis Theater Heerenveen, De Lawei Drachten, De Harmonie Leeuwarden en De Koornbeurs Franeker (sjoch www.tryater.nl).**



Jubilerend Tryater toont de kracht van Fries theater: 'Fernije en ferjunge'

[*Lees dit artikel*](#)

Net Binnen

.....

11:54 Media

Zo kwam de telefoonterreur op gang over de Charlie Kirk-opmerking van een Bornego-docent

11:46 Politiek

LIVE | Habtamu de Hoop (PvdA) samen met zijn mem naar Prinsjesdag

11:44 Actieweek

Week van ONS zwembad: 'Je gunt iedereen zijn eigen zwembad'

11:39 Verbouwing